

Roman

fan Yvonne Dijkstra

Albertina Soepboer
hja yn 1995
har earste dichtbondel
ôfleverde, net mear fuort
te tinken út literêr Fryslân.
Mei in hast izeren regelmaat
leveret hja har wurk ôf: oft
dat no poezij, proza, sjong- of
toanielteksten binne.

Har ynspanningen op
proazagebiet hawwe no in
prachtige samling fan koarte
ferhalen opsmitten, *Reistiid*.
Tolve fan de fjirtjin ferhalen
binne alris earder te lêzen
west. Mei *Dy griene neisimmer*
bygelyks, wûn Soepboer

yn 2003 in Rely Jorritsma-
priis en it yn opdracht fan
Bornmeer skreaune ferhaal
Krystman waard yn datselde
jier brûkt as krystpresintsje.

Der is foar keazen om de
ferhalen ûnder te bringen
yn fjouwer skiften: 'doedes-
tiids', 'ûnderweis', 'simmer
en winter', en 'teplak'. In hel-
dere struktuer dêr't it tema
'reizgjen' as reade tried troch
hinne rint. Dat tema is net nij
yn Soepboer har wurk en yn
Reistiid wurdt reizgjen sawol
letterlik as figuerlik brûkt.
Reizgjen as inerlike ûntjou-
wing fan in minske, mar ek it
yn beweging wêze fan A nei B.

Yn mear as ien ferhaal is de
haadpersoan in frou, dy't
harsels weromlutsen hat út
de maatskippij. 'n Kanada'
bygelyks, is ien lange *mono-
logue interieure* fan in troude
frou dy't yn Kanada fersyld
rekket. Har tante wenne yn
in ferlitten húske yn de Ka-
nadeske bosken en is dêr op
heimsinnige wize oan har
ein kaam. De haadpersoan
wol útfine wat der bard is,
mar fan it ien komt it oar en
foardat hja der erch yn hat,
libbet hja it libben fan tante:
„It is de ienfâld, dat is it, it
is dy ienfâld. Dat is de reden
wêrom't ik hjir bin. Gjin ta-

stannen. Nee. It is stil."

In tema dat dêr ek oan rek-
ket is it oanlûken en wer ôf-
stjitten fan de minsken om
jin hinne. Yn 'Paad' wurdt
dat ferbylde troch de me-
gere jonge en it famke yn
it hús, dy't elkoar allinnich
mar sjogge as spiegeling yn it
rút. Beide hawwe in stim yn
it ferhaal; hoe ticht oft hja ek
by elkoar komme, úteinlik
skiede harren wegen foardat
se ek mar ien wurd wiksele
ha.

Soepboer liket net in soad
nedich te hawwen ta ynspi-
raasje. In sjongtekst fan David
Bowie, de tekst fan in Ald-

fryske oarkonde: hja brout
fan beide wat moais. Yn de
ferhalen wurdt boppedat in
soad romte litten oan 'e lêzer
en dat is hearlik lêzen. En oft
se no benearyjend, ta de fer-
bylding sprekking of planút
spannend binne: de ferhalen
yn *Reistiid* hawwe de lêzer
fan de earste
sin ôf yn 'e
besnijjing!



i *Reistiid*.
Albertina
Soepboer.
Uljouwerij
20 Leafdesdich-
ten. BV, 15 euro